

T H I N Z E N

O E R ' E

S P E L W I Z E

F E N ' E

F R Y S C E T A E L (1).



In reisger teach throch in great en aod sparrebosc.

Hy forlustige him yn it koele scaed, dat de griene tûken heech boppe him forspraetten; mar hy betruerre it, dat dij bjemmen fen onderen sa keal wieren, en it griene leaf falle litten hien', dat nou, fordrûge, as sa folle spjelden en nidles oer 'e groun laei. Hy betocht net, dat dit sa it aerd fen dij bjemmen wier, en it wurk fen de onforbiddelyke tiid.... Derom woe ir dij spjelden en nidles wer oan 'e tûken fæsthechtsje. — Mar hja woen' net meer haode. Alle moëite wier forgees.

Mei dit byld, T. H.! waerd op it Taelcongres to Utrecht de miening bestryden fen har, dij de aode wirnden en foärmen wer yn 'e Nederlânsce tael ynfierd hadde woene. En dit byld hab ik æk keazen, om jimme thinzen nei it doel fen myn foarlæzing to lieden.

Ues aode Frysce sprake is ues ljeaf en djoer. Wy sjugge mei njû en wille, ho hja meer en meer screowen en beoefene wirdt.

(1) Foarlæzen yn in miene gearkomste fen 't Selscip foar Frysce tael en scriftenkennisse.

To faek hjerre wy lykwols nog de klachten, dat it greate forscil fen boekstavering foar follen in hinderpeal yn 't læzen is. En allicht wirdt er den sein: Ienheid fen spelling is winscelyk.

Ik ljeau dit æk, T. H.! Mar it is my net it selde, wat ienheid wy hadde.

Sille wy blyn en lydelyk folgje, as ues in paed oanwiisd wurdt, wer wy in tael to sjen krije, dij foar 'e Friezen sels onkinber is? Sille wy folgje, as we ues oertuegd haode, dat dit paed uetrint op 'e dead fen 'e tael? Né, dat forbiedt ues de ljeafde, dij wy foar dij tael hawwe! Den nog ljeauwer forscil fen boekstavering. Dat scerpel de beoefeners op, om elk foar oar it beste to fynen. Dat jout wriûwing, en wriûwing liedt ta de wjirheit.

Derom hab ik æk 'r is oer 'e spelwize fen 'e Frysche tael neithocht. Ik hab my sels aoffrege: *wat wei mat men ynslae mei de boekstavering fen 'e Frysche tael?*

En nou forsiikje ik jimme, om my yn myn thinzen oer it beantwurdsjen fen dizze fraeg to folgjen.

Lit ues den eerst de haedrygels opspoarje, en den, — om dij to dudelyker uetkomme to litten, — in koarts foarstelde spelmethode, yn ienige staeltjes, der mei for-gelykje.

Eerst scille wy den de haedrygels opspoarje. Ik freegje derta: Wat is boekstavering? De Frysche „*Spraakkunst*(2)“ fen in heechst fortsjinstelyk lid fen dit Selscip antwirdet derop, — en ik wol er my graeg mei forienigje: Hja is it middel, om de wirden fen in tael, mei sichtbre teikens, mei letters, foar it each foar to stellen. De leerde scriûwer lit er dadelyk op folgje: de boekstavering makket it wæzen fen 'e tael net uet, — en dit is net minder wier. Lyk as men by it sprekken it lûd ophaint,

(2) H. Systra, *Inleiding tot de Friesche spraakkunst*, p. III.

en de beteikenis er fen fettet, sonder eerst op it wæzen fen 'e tael, of op de aofstamming fen it wird opmerksum makke to wæzen: sa mat æk foar it each it wird aofbylde wirde, mei letterteikens, dij, uetspritzen, it selde wird werjouwe, sonder dat eerst ængstig neipluze hoeft to wirden, of dij aofteikening wol oanwiist, fen hokker stamme it aoflaet is.

Throch de aofkomst fen it wird boppe de uetspraek yn acht to nimmen, lit men gefaer sawol jin 'e dudelykheit, as jin it aerd fen 'e tael sels to sondigjen: — jin 'e dudelykheit, omdat men er den licht letters yn scriûwe sil, dij it ear der net yn hjert, en dij it wird dus onkinber meitsje foar 'e læzers, werfoär men scriûwt; — jin it aerd fen 'e tael, omdat elke libbene tael, krekt as alles op ierde, in iwige foroaring ondergiet, hjir wat oannimt, der wat aofsmyt, meastal nei fæste wetten, dij djip yn it wæzen der tael forscûle lizze, en faek sels foar taelkinners net rjucht dudelyk binne; en der jin to sondigjen, wier it libben der tael to sceynen.

Scriûw sa as men sprekt, mat derom yn 'e boekstavering de heechste wet wæze, dij wy boppe alles betrachtsje matte.

Krekt allyk as de sciedscriûwer de dingen opteikenje mat, sa as hy se fynt, en net, sa as him thinkt, dat se wæze moasten, sa mat æk de spelmaster de wirden aofbyldsje, lyk as de algemiene folkstael se him hjerre lit, en net, sa as hy mient, dat se nei har aofkomst hjerden to wæzen.

Mar, seit wolligt immen, er binn' sa folle, dij de uetspraek as heechste wet stelle, en dochs wakker ongelyk spelle.

Dat komt, omdat hja 't net iens binne, wat wearde de letters en letterteikens yn it Frysc hadde. As de ien oan de o de selde klank takint as de oar oan 'e a, den sil æk de ien it wird *lân* b. f. mei in *a* spelle, en de

oar mei in *o*, en de selde læzer sil dat selde wird, op de iene wize speld, as *lân*, en op de oare wize, as *lond*, uetsprekke.

Derom mat de wearde fen 'e Frysche letters en letterteikens fæststean. En hjir oer, — ljeau ik, — kin men it maklyk iens wirde.

De namme der letters sels jout har foarnaemste karakter oan 'e hân; en er binn' nog echte Friezen genaoch, dij it Frysche alphabet, fen *a*, *bie*, *cie* aof, oant *ou*, *dûbeldou*, *exet*, *ijet*, *zeddet* ta, wyte op to sizzen.

In historisc ondersiik koe hjir oan, — as 't nedig wier, — ta help komme. Mar den net in ondersiik allinne nei de wearde, dij de letters yn de aodste scriften misscien hân hawwe. Ues aoden wieren minne spelmasters (3). Faek fyne we er forwante klinkletters, yn it selde wird, troch en oar brûkt. Derjinoer waerd æk soms oan ien en deselde klinker wa wit ho folle lûden en dûbel-lûden takind. Fen it foärmjen fen twa of thrije klanken hien' hja bynei gjin begryp. Dæroan fæst to haoden wier dom en onhistorisc. It ondersiik moast derhinne liede, om fæst to stellen, wat wearde, mei de foartgong der tiid, oant nou ta, oan 'e letters en forieniging fen letters, algemien takind is.

En as den ienkeer de wearde fen alle letters fæst stiet, werom soen' wy den neilitte, om der, wer de sprektael in forboune klank fen twa of thrije letters hjerre lit, æk yn 'e scrîwtael twa of thrije letters, mei behaad fen har eigen karakter, sa mei elkoar to forbynen, dat se *twa* of *thrije klanken* byldsje, op in wize, dij oan ues aoden onbekind wier?

Werom dochs soen' wy yn 'e boekstavering de foaruetgong scouje, dij wy yn alle oare kinsten en witten-

(3) Forgelyk Mr. A. Teltng, *De grammaticale beoefening der Frysche taal*. *Vrije Fries*, III, p. 166.

scippen heechachtsje en wirdjerje? Soe æk in boer der nog wer ta komme kinne, om mei in kneppel to plûgjen, nou hy it brûkme fen 'e jinwirdige plûge kinnen leerd hat? Lyke min kinne wy ues de twa- en thrijeklanken ontrove litte, as dij, throch byienfûging fen klinkers, mei behaad fen har eigen karakter, in dûbellûd foarstelle, dat ues aoden net aofmiele koene.

Brûk de letters yn 'e wearde, dij hja yn 't Frysc hawwe, is derom ues twade haedrygel. Keppelje se oan eltsjoar, of scied se aof, nei 't de sprektael de klanken oanjout; sa sille y foldwaen tagelyk oan 'e heechste wet: „ scriûw „ sa as men sprekt.”

Mar ues Frysce sprake baoget op 'e rom, dat se har net folkommen spelle lit. En yn died, sa ryk en onderscieden binne har klanken, dat it wol onmogelyk hjitte mei, al dat forscaet fen lûden krekt en gelyk foar it each aof to mielen.

As men den, yn sa'n fal, al de middels, dij jin to tjinste stean, forgees oanwindet, as dochs altyt it lûd, dat men yn it wird hjert, swevet tusscen de klanken fen dizze of in oare letter, den nimme men de aofkomst fen it wird to baet. Lyk as men dochs de loat kin, as it blykt fen hokker beam hja aoflaet is, sa sil æk it wird, as syn aofbylding net alhiel end al mei de uetspraek oerien brocht wirde kin, dochs dudelyker wirde, as der-yn de stamme, weruet it ontstien is, ontditsen wirde kin.

Sa habbe wy den, næst de beide haedrygels, dij wy al foun hiene:

1. *Scriûw, sa as men sprekt;*
2. *Brûk de letters yn de wearde, dij hja yn 't Frysc hawwe;*

nog in tredde en læste rygle foun:

3. *Wer de uetspraek net ondersciedt, beslist de aoflieding.*

By it siikjen fen dizze haedrygels hawwe wy fen nin

heersjende scriûwize praet, ho folle wicht hja oars æk yn 'e scealjen 'izze kin. It grutte forscil fen boekstave-ring tusssen de scriûwers fen 'e Frysche tael makke it onmogelijk om derop to wizen.

Lykwols kinne we ues forheugje, dat de scriûwers, ho great it forscil fen spelwize faek æk is, jinwirdig meer en meer nei fæste rygels to wurk geane, scien dij rygels faek himmels-bré uet mekoär rinne. — Wer gjin begjinsels binne, heerscet willeker. Mar wer men handelt nei begjinsels, al meye se æk forscille, kin men onder-siikje, forgelykje, lotterje, ta 'n oar liede, ienheit ta stân bringe.

Wylst men oant nou ta, faek wol 'r is wat folle, de spelwize fen 'e Nederlânsce tael ta foarbyld naom, is der-jinoer foar koärt in nije spelmethode yn 't ljæcht kaom (3), wer fen de scriûwer seit, dat hy alhiel de historisce ontwikkeling fen 'e tael folge hat (4).

Wy binn' de scriûwer fen dit wurk romme lof scildig.

It tuegt fen djip grounjende taelstudie; in taelstudie, dij net allinne it Aodfrysc, werop de lettere Friezen foärt-boud hawwe, mar æk forwante talen, dij oer it Frysc folle ljæcht forspriede kinne, omfettet; in taelstudie thige gescikt, om, — tagelyk mei it aofharkjen en opfangen fen 'e jinwirdig libjende tael, — it wiere aerd derfen to fetsjen, de rygels fen 'e spraekkinst yn al syn omfang op to spoarjen, de foärmen en bûgingen, de fyne bysonderheden, yn ién wurd, it taeleigen kinnen to leren; in taelstudie, werfen wy hoopje, dat it folgjend diel der *Spraakkunst*, wer wy mei langst nei uetsjugge, — mei it wæze mei ienige wiziging, — net minder kleare blyken drage sil.

(3) H. Systra, *Klank- en schrijftaal der Friesche taal, of eerste afdeeling der Friesche spraakkunst*.

(4) H. Systra, *Inleiding tot de Friesche spraakkunst*, p. XIV en XV.

Mar dizze lof, dij ik sa jerne oan de heechachte scrîuwer taswaei, nimt net wei, dat ik mei him forscille kin.

En omt nou de rygels, dij ik foaropset hab, dudelyker wirde sille, throch inkele staeltsjes fen in besteande spelwize deroan to priûwkjen; en omt it uterjen fen forscil fen thinzen wriûwing foroarsaket, en wriûwing ta wjirheit liede kin, sil ik onbescromme myn sjenswize tsjin synes oersetste.

De scrîuwer steunt op syn ondersiik nei de historisce ontwikkeling der tael. Habbe wy dij historisce ontwikkeling, by it siikjen fen ues haedrygels, æk al to lichtfirdig oer 'e holle sjoen? Stelle wy net de uetspraek as heechste wet? Binn' wy æk to folle stean bleaun by de jinwirdig libjende tael?

T. H.! Ik ljeau, dat wy ues thrije haedrygels, jin in oantiging, dat wy de historisce ontwikkeling forwaerleaze hawwe soen', fordegenje kinne. Derta is it nedig, dat wy net uet it each forliesje it onderscied tusscen de historisce ontwikkeling fen 'e *wirden* sels, en dij fen 'e *spelmenear*. En soen' wy nou stryde jin 'e historisce ontwikkeling en forfoarming fen in *wird*, as wy it boekstaverje, sa as de uetspraek it hjerre lit? Is den de jinwirdige uetspraek, en dus æk it wird, sa as wy dit hjerre, net langsummerhân, mei 't forrin der tiden, en dus historisc, ontwikkele uet dij der aoden? En soe net just, wer de jinwirdige uetspraek mei dij der aoden forscilt, in scrîuwize, lyk oan dij der aoden, strydig wæze mei de historisce ontwikkeling en forfoarming fen sa'n wird? My thinkt, dat wy op dit punt er neat meer by hoeve te foegjen. Allinne kinne wy nog wize op ues thredde haedrygel, werby wy, as de uetspraek net klear ondersciedt, beslisse litte throch de oafstamming, en dus æk alhiel oan de historisce ontwikkeling fen 't wird ues haode.

Mar habbe wy den de historisce ontwikkeling fen 'e *spelwize* yn it algemien æk forwaerleaze?

Ik ljeau just, dat wy dij, sa folle mar eat mogelyk is, yn acht naom hawwe. — Wis soene wy sondigje jin 'e historisce ontwikkeling fen 'e Fryscje spelwize, as wy boekstaverje woen' mei letterteikens, dij sels, of werven de wearde yn it Frysc onbekind wieren'; — den soe it Fryscje scrift har Frysc karakter forlieze. Mar dertsjin warsconje wy yn ues twade haedrygel: *Brûk de letters yn 'e wearde, dy hja yn it Frysc hadde*. En wer dij wearde net fæst stean mocht, der kin rieplachte wirde mei de sciednis fen it brûkme der letters, dat is, mei de wearde der letters nei de historisce ontwikkeling.

It kin lykwols wæze, dat wy it oer de beteikenis fen in ondersiik nei de historisce ontwikkeling net iens binne. Ik freegje dus, wat haww' wy dertoch to forstean? Is it in ondersiik nei it aodste brûkme allinne, om dat yn 't plak fen 't nije wer yn to fieren? Of soe dat net jerder liede ta in greate tabeksprong? Stel y foar, T. H.! de sciednis fen 'e kinst, godstsjinst, staetsynrjuchting. Hja leert jo de hiele gong fen har libben, de wetten fen har ontstean, uetbreiding en ontwikkeling. Y sjugge, ho it ien de foarberieding wier fen it oar, ho dit throch wat nijs forstaet waerd, om noait werom to kommen, ho æk dat njunkenlytsen throch wat oars fordrongen waerd, en ho sa de kinst, godstsjinst, staetsynrjuchting, of wat it wæze mei, einling op de hichte kleaun is, werop hja jinwirdig stiet. Mar nou sil it de beoefener net yn 't sin komme, om har fen dij hichte aof to stjitten, en har op har forige stânpleats toræch to fieren. Né, har op dij hichte to haoden, foar tobekrin to befeiligjen, ja, sa mogelyk nog heger op to fieren, dat is de taek, dat is de plicht fen har beoefener!

En net oars kin ik my foarstelle de plicht fen 'e beoefener der tael (5).

(5) Forgelyk Behrens, *De grondslagen van de orthographie der Friesche taal*. *Vrije Fries*, nieuwe reeks, deel II, p. 59.

Mar blykt nou uet it wirk fen 'e scriûwer, dat hy dij historisce ontwikkeling en foartgong der tael altyt lyke goed yn acht naom hat?

Is it, b. f. oerienkomstig de historisce foartgong, om oan wirden, as *hân, lân, wyn* en oaren, wer sont iûwen de *d* efterwei slyten is, dij letter der nog wer oan plakke to wollen, lyk as de reisger yn it sparrebosc, en to scriûwen: *hond, lond, wind* (6)?

Is it oerienkomstig de foartgong der tael, om op de selde wize in *f* to scriûwen efter de letters *l* en *r*, as: *thet kalf sterft*, foar: *it keal stjert* (7)? Wirdt nog ea of earnje dij *f* yn 'e uetspraek hjerd? En seit de scriûwer sels net, dat yn aode scriften dij letter al faek uetlitten waerd (8)?

It mocht dus wol onbegryplyk lykje, ho de scriûwer dizze spelmanear nog foarstean kin, as wy er gjin reden foar founen yn in foarlêzing fen 'e scriûwer, oer 't jing men yn acht to nimmen hat, om ues tael to befoarderjen (9). Wylst hy der sprekt fen 'e foroaringen der tael, dij mei de foartgong der tiid ontsteane, forfolget hy: „ Da „ foarstonders fon én únfryske boekstoyinge foar ús fryske „ tael meye der op komme, om hiar falske lere to riucht- „ firdigjen; — *diu* foròring is hiel hwet oars; — se is „ olene biscawing, en disse mat ac ynnath Frysc pleats „ habbe.”

De scriûwer lyket dus *den allinne* foroaring yn 'e tael oannimme to wollen, as se bescaving is. Mar wa sil as sciedsrjuchter opstean, om uet to meitsjen of in foaroring bescaving is of net? Wa hat it rjucht, wa de macht, om foroaringen, dij yn it libben der tael sels ontstien binne, wer to fornietigjen, allinne omdat hy se net

(6) H. Systra, *Klank- en schriftleer*, p. 50

(7) *Ibidem*, p. 52.

(8) *Ibidem*.

(9) *Dersa*, pag. 11.

foar bescaving haodt? En ho den, as it aerd fen 'e tael foroaring meibringt, en de spelmaster dij foroaring foar gjin bescaving erkinne wol? Thinkt de scriûwer jin de stream der tiid yn arbeidsje to kinnen? Of soe hy oanfiere doare, dat it weislyten fen *d* of *f*, næst de sa neamde *liquidæ* of floeibre letters *l*, *n*, *r*, tsjin it aerd fen 'e tael strydt? Is it den net bekind, dat de *liquidæ* *l*, *n*, *r*, grutte ynfloed op ues tael uet oefenje? Ho faken falt de *d* wei, as hja yn forbyning komt mei de *liquida* *n*, b. f. yn *verba* as wy sizze: *woene* foar *woedene*, *hiene*, foar *hiedene*, en yn 'e lidwirdjes, efter wirden, dij op *n* eindigje: *yn 'e*, *oan 'e*, i. s. f. — Ho min him æk de *liquida* *l* mei de *d* forbyne lit, blykt uet wirden as *ald*, *wrald*, weryn de *l* al fier hinne op wei is, om uet to slyten; krekt as æk de *liquida* *r*, yn wirden as: *bern*, *koarn*, al frij wat slytasje litten hat. — Sa scynt it forslyten fen sommige letters, foaral yn forbyning mei de *liquidæ*, alhiel mei it aerd der tael oerien to kommen. En wa sil den sizze, dat it jin har bescaving strydt? — Mar wol strydt it wer oan plakken fen 'e letters, dij de uetspraek al lang aofsmyten hat, net allinne jin de historisce ontwikkeling en foartgong der tael, mar æk jin des scriûwers eigen lere, as hy seit: „ Ien der haed- „ rygels fen de Frysce boekstavering is — *gjin oertallige „ letters to brûken (10).*”

Better achtsje ik it derom as haedrygel to stellen: *Scriûwo sa as men sprekt*. Deruet folget den wer: *Scriûw de letters, sa lang se har yn de uetspraek fen 't wird oan jon ear hjerre litte; mar lit se æk foar goed wei, as hja jon ear spoarleas forlitten hadde. Troch dit op to folgjen sille y nin gefaer rinne, ondudelyk to wirden, allyke min as it libben fen 'e tael to sceynen.*

Is it, freegje ik al fjirder, oerienkomstig de historisce

(11) *Klank- en schrijfleer*, p. 9.

foartgong der tael, om nou nog, nei de aodste spelme near, to scriûwen: *sidze*, *lidze*, scien de uetspraek sont iûwen net oars hjerre liet as *sizze* en *lizze* (11)? Of om ues, sonder de minste forgoeding, to beroven fen 'e sæfte *z*, dij wy hjerre yn in wird as *sizzen*, onderscieden fen scerpe *sissen*: twa wurden, dij wy, nei des scriûwers menear, net op forscate wize spelle kinne? Is dat oer-ienkomstig de historisce ontwikkeling en foartgong der tael, as de scriûwer sels betuegt, dat de *z*, yn lettere stikken as de alderaodste, rees lyk as yn 't Nederlânsce brûkt waerd (12)?

Is it einling folgens de historisce ontwikkeling of wollicht om 'e koårtheit of dudelykheit, om lytse, min be- teikenjende wurdtsjes, as: *yn it*, *op it*, en sokken, *yn ien wird*, onder in swier pak fen letters foar to stellen, as hien' hja en hopen gewicht yn 'e scealjen to lizzen, en er fen to meitsjen *ynnath*, *oppath*?

Mar ik mei fen jimme net fergje, T. H.! om scriûwers hiele wirk mei my throch to snuffeljen.

Derom scied ik mar uet mei de consonnanten, om it boek nog ienkear op in oare pleats iepen falle to litten.

Der haww' wy de klinkers en lûdwizers! (13)

Mar wat in frjemde fortoaning krije wy hjir foar eagen!

Der steane ues klinkletters, uetmunstere mei in steande of lizzende streep, of mei in kaepke oer 'e holle, of mei twa stippen fen onderen of fen boppen, om net allinne forscate wizigingen fen toan of oare forwante klanken, mar æk dûbele, forboune of spjalte lûden to forbyldsjen.

Ik mei jimme oandacht mei dij uetmunstering net læstig falle: mar ik haod my oertuegd, dat it bynei onmogelyk is, om, sonder lûdwizer er bylâns to haoden, al

(11) *Klank- en schrijfleer*, p. 52.

(12) *Ibidem*, p. 18.

(13) *Ibidem*, p. 2, 4 en folgjende.

de forscillende klanken op to neamen, dij oan dizze be- teikende klinkletters takind wirde.

Is dat befoarderjen fen dudelykheit? Is dat opfolgjen fen 'e historisce ontwikkeling en foartgong der taelkinnis? Ik kin my bynei gjin greater tobek-rin tinke. En om gjin priis woe ik de jinwirdig libjende Frysche tael ta de Aodfryske scriûwtael ta ræch fierd hadde.

My tinkt ien fen beiden is wier: *of* ues aoden hien' sa folle klanken net as wy: — en den matte wy ues forheugje oer dij meerdere rykdom, en se as in scat be- warje yn 'e scriûwtael, lyk as yn 'e sprektael; — *of* — wat wierscynlyker is, — ues aoden hien' der minder forstân fen, om al har forsaet fen klanken foar it each aof to byldsjen: — en dan meye wy har yn har ienfaodigens net folgje, mar den matte wy it ljæcht, dat ues bescynt, oanwinde, om throch de meast pas- sende fûging of scieding fen letters of letterteikens, de klanken sa nei mogelyk aof to mielen. Yn gjin gefal haww' wy dus de frijheit, om hjir yn ues aoden nei to folgjen.

De scriûwer leert æk, om yn 'e treppen fen forgely- king fen adjectiva en adverbia de uetgong *or* en *ost* to scriûwen, yn pleats fen *er* en *est*(14), b. f. great, greater, greatost. — Werom? — Wirdt earje dij oklank deryn hjerd? — Né. — Is dit den æk in gefolg fen de sucht des scriûwers ta tobekgong? — Æk net; — aodtiids waerd dij *o* er lyke min yn screowen, as se er nou yn hjerd wirdt. De scriûwer seit sels, dat de aode stikken *er* en *est* hadde. Allinne de aode Rustringer Friezen screowen *or* en *ost*, of *ast*. En dizze scriûwize stelt de scriûwer foar to folgjen. Ik freegje nog er is: Werom? Is dat net, om de Frysche tael foar Friezen sels in frjemd oansjen to jaen? It is, — seit de scriûwer, — omdat it

(14) *Klank- en schrifteleer*, p. 13.

him foller en rouner yn de earen klinkt (15). Mar wer-oan ontliet de scriûwer de macht, om in tael oars to meitsjen, as se is, en as se west is?

Ik kin nou fjirder nog wize op it brûkme fen 'e *o*, yn pleats fen *a*, foar de letters *l* en *n*, yn wirden as *al*, *hân*, *lân*, wer de scriûwer *ol*, *hond* en *lond* scriûwt, allinne om dat yn 'e *aodste* stikken æk faker in *o* as in *a* foarkomt (16); — op it forbod, om in klinker to fordûbeljen, of mei in sæfte *e* to forlingjen, omdat dit wol yn 'e *jongere*, mar net yn 'e *aodste* scriften foarkomt (17); — op it forbod om de *y* as klinker to brûken, net tsjinsteande dij oarspronkelyk neat oars as klinker is, en sa æk fen aods yn ues scriûwtael op naom wier (18), en nog nedig is om de koärte *i* to onderscieden fen de lange, sa as wy dij hjerre yn *wyt* en *wiud*, *sykje* en *siikje*, e. s. f; — op it foarscrift om foartoan de klinker *i* to brûken as consonnant, yn pleats fen de *j*, allinne omdat yn de *aodste* scriften de *i* æk meer sa brûkt waerd as de *j* (19): — en den freegje ik, of de scriûwer de sciednis fen 'e tael ondersocht hat, om se to hauden op 'e hichte, dij se jinwirdig berikt hat, of om se tobek to fieren ta in stân-punt, dat se al lang forlitte matten hat?

Yn died, my thinkt it kin net oars wæze, of de heechachte scriûwer hat him to folle oermasterje litten fen syn klachte, dat inkele leerde frjemden net ljeauwe wolle, dat it jinwirdige Frysc nog it selde is, as it aode (20). En fol ljeafde foar 'e grize Frysce tael, hat hy er him derom mar al to folle op talein, om dij leerde frjemden, sels throch de boekstavering, — scien hy sels erkint, dat

(15) Ibidem, p. 13.

(16) Ibidem, p. 11 en 12.

(17) Ibidem, pag. 9.

(18) Ibidem, p. 6 en 9, forgelyk p. 40.

(19) Ibidem, p. 14.

(20) *Inleiding tot de Friesche spraakkunst*, p. III en IV.

dat hja it wæzen der tael net uetmakket, — fen 'e wjirheit to oertuegjen.

Mar ik freegje: matte wy den, mat hiel ues Fryslân, allinne om dij uetlânsce leerden to foldwaen, ues in scriûwtael ontrove litte, dij wy læze kinne, om er ien foär yn 't plak to krijen, dij foär ues onkinber is?

En ik freegje boppe alles: is it wier, dat de spelwize, dij de scriûwer foarstiet, oerienkomt mei de historisce *ontwikkeling* fen 'e tael?

De scriûwer hat syn wirk nog fordegene throch to wizen op it onderscied, dat er bestean mat tusscen de *boeketael* en de *sprektael*, omdat dit forscil yn alle bescaefde talen bestiet (21). Mar ik ljeau, dat oare talen it ues benije sille, as wy scriûwe kinne, lyk as wy sprekke. Dat jout just it losse en befallige oan ues tael, werom hja altyt romme wirdt, en dat ik foar gjin jild slûpe litte woe.

Hjer wat myn heechachte leermaster yn 'e Nederlânsce tael, Prof. de Vries, der fen seit yn syn *Ontwerp van een Nederlandsch woordenboek* (22). Ik sil syn wurden, sa nei mogelyk, yn 't Frysc wer jaen.

„ Der is yn 'e leste jirren faek mei kreft op oanstien,
 „ om de Nederlânsce tael los to meitsjen fen de twingjende bannen, weryn hja troch 'e spraekkinstlers knotte
 „ is. Men hat mei klim fen wirden wiisd op 'e libbene
 „ en spritsene tael, dij bloeit yn it herte fen 't folk, as
 „ de ienige born fen suvere kinnis, it ienige liedspoor
 „ foär frije, natuerlyke ontwikkeling der taelfoärmen. Nog
 „ foar twa jier hat in lid fen ues commissie, Prof. David.
 „ yn 'e Gintsce byienkomst, dij oertuging uetspritsen. —
 „ En wa is er, dij der net alhiel yn dielt? Wa, dij in
 „ hert hat foär 'e tael, wit net, ho har by ues in stive,

(21) Inleiding, p. XVI.

(22) Dersa, p. 45.

„ ientonige *boeketael* foarme hat, altyt en oeral fen 'e
 „ gewone sprektael aofwykjende, sadat wy yn died, lyk
 „ as sommige Eastersce folken, twa forscate talen lykje
 „ to hebben, ien deftige, en ien foar deistig brûkme? It
 „ wirdt tiid, heech tiid, dat dij aofscieding fordwynt, dat
 „ er tusssen de scriûw- en sprektael in wjersydsce ta-
 „ neyering ontstean mei.”

Sa sprekke de knapste taelkinnere oer 'e *boeketael*. En soen' wy willemoeds de kluesters op nimme, wer onder men yn oare talen suchtet? Yn wierheit, dat soe onforstânnig wæze!

Derom: *scriûw*, sa as men sprekt, en wy Friezen lije derfoar gjin gefaer.

T. H! Ik hab it ein fen myn plan berikke. Ik hab onbescromme myn thinzen meidiel, want ik achtsje dat forplicht to wæzen oan 'e tael, dij ik ljeaf hab.

Scriûwers fen 'e Frysce tael! Nog bestiet de sucht om Frysc to læzen. Benim it folk dij sucht net, throch it in kost foar to setten, dij it net fortarre kin. It uetdaofjen fen 'e sucht, om Frysc to læzen, is it sykerste middel, om 'e tael forquyne to litten.

Derom rop ik mei alle earnst jimme ta: *Scriûw sa as er spritsen w i r d t, mar net sa as er spritsen i s!*

MR. PH. VAN BLOM.

